


Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: CDA, Maaïke Prins
Mei-yntsjinner(s): Reitze Douma, ChristenUnie

Moasje nr.	1
Paraaf	
Wurklistpunt	7
Beslút	oannomme

MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde

Steategearkomste	26 septimber 2018
Wurklistpunt	07. Koersdokumint Omjouwingsfisy
Koarte titel fan de moasje	Kearnenbelied

De Steaten, yn gearkomste byien op 26 septimber 2018 heard hawwende de rieplachting;

konstatearjende dat

- it útgongspunt van de wet is "desintraal wat kin",
- gemeenten grutter wurden binne
- it beliedskonsept fan hiërarchie fan kearnen, dat benammen as doel hie om de groei te begelieden, minder fan betsjutting wurden is;


konkludearje dat

- wy instimme kinne mei it loslitten fan it hjoeddeistige beliedsmjittich ynfoljen fan de yndieling yn kearnen.
- wy yn de omjouwingsfisy it belang fan stêden neidruk jaan wolle foar it behâld fan bedriuwichheid, de foardielen fan synergy, ûntsluting, kennisûntwikkeling en ynnovaasje, mei as eachmerk de steedlike dynamyk te behâlden en fuort te sterkjen.
- wy dêrneist de posysje fan de regionale sintra/kearnen beneame wolle fanwegen it folweardige nivo fan foarsjennings lykas ûnderwiis (basisskoalle), detailhandel (supermerk) soarch (húsdokter) en iepenbier ferfier. Dizze kearnen biede oangripingspunten foar fernijing fan foarsjennings en hawwe in wichtige betsjutting foar de leefberens fan in grutter fersoargingsgebiet. Wy fertrouwe derop dat gemeenten yn harren plannen rekkening hâlde mei dizze funksjes by it plannen fan bygelyks wenningbou en foarsjennings.

fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten

- de no besteande struktuer fan steedlike en regionale sintra yn de omjouwingsfisy wol te beneamen en op kaart sichtber te meitsjen.

en gean oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	CDA, Maaïke Prins 
	Reitze Douma, ChristenUnie 